LEEUWARDER COURANT

17 maart 2012 , pag. 7

tegast

Frysk ferstean, kwestje fan fatsoen!

FOTO ANP

Wy binne Friezen. Wrâldboargers binne wy ek, en foar de wet ek Nederlanner, mar earst en fral binne wy Friezen. Frysk is de taal fan ús hert. It is de taal, dêr 't wy 't meast ússels yn binne, dichtet Ed Hoornik: „Het instrument waardoor ik ademhaal." It is de twadde rykstaal, mar ús earste.

Foar fierwei de measte minsken jildt dat har âlders net algemeen beschaafd mar Limburgs, of Grinzers of Amsterdams praten. Dy minsken moatte ús gefoel herkenne en dêr begryp foar hawwe. Soene jo sizze. Mar dat is in misferstân.

In soad minsken fine noch hyltyd dat Friezen gjin rjocht hawwe om har eigen taal te praten. Ja, yn 't kafee, yn gearkomsten fan 'e FNP of de rayonhaden, en fjouwer Friese wurden fan Wiebe Wieling is ek snoezig, mar at se offisiële ynstânsjes nedich hawwe kinne se dochs wol normaal dwaan, dy Friezen? Is it te folle frege om dan gewoan Nederlâns te praten?

Ja, dat is te folle frege. Yn 't foarste plak, omdat Friezen foar hun taal fochten hawwe. En wy hawwe wûn. Wy hawwe it rjocht om Frysk te praten. Twads omdat it ûnfatsoenlik is Friezen dat rjocht te ûnthalden. En yn it tredde plak, omdat helpferliners gjin fakminsken binne as se de taal fan har Fryske kliënten of pasjinten net ferstean.

Miskyn is der sprake fan ûnbegryp – dan is der noch hoop – mar gauris liket it op arrogânsje. Nim de ABN Amro. Ien fan ús hat okkerdeis syn broer en libbenskammeraat ferlern. Formele banksaken moasten ôfhannele wurde en de bank frege derfoar om in notariële akte. Dy waard opsteld, yn 'e twadde rykstaal. „Kunnen we niet lezen," leagene de bank, want fansels wurkje der wol Friezen by ABN AMRO Yn it Ingelsk, dat hie wol kinnen! Ingelsk wol en Frysk net? „Ja, zo zijn de regels."

Dêr 't praat wurdt is in oplossing te finen, is de ûnderfining fan Tûmba, it buro foar gelikense behanneling. Dat Tûmba skille mei ABN AMRO en frege om in petear tusken bank en klant. Mar gjin kâns. Gjin begryp, gjin ekskuses, gjin petear. „Doen we niet."

De bank stiet oan 'e selde strjitte, dêr 't oait op Fryske striders ynhuft waard. Op Kneppelfreed.

DURK VAN DER SCHAAF EN ATE DE JONG
TÛMBA, BURO FOAR GELIKENSE BEHANNELING